

Les 9

Programma les 9

1. It programma foar les 9 wurdt omparte. Praktykûnderfinings en -eksamens komme op it rabat. Ynlevere of opstjoerde lesmatriksen en/of skôgings wurde weromjûn en besprutsen. De kursisten kinne sels in taljochting jaan by harren skriftlike delslach fan it bestudearjen en beoardieljen fan in learmiddel dat by of op Afûk-leargongen in funksje hat of hawwe kin. Foar de eigen ynformaasje (en net foar ekstern gebrûk) meie de didaktykkursisten de list mei eksamenôfspraken fan de eksamenkommisje lêze (dy't gauris bysteld wurdt; sjoch fotokopy).

Meinommen learmiddels wurde besjoen. Fierder wurdt der yn dizze en de kommende les omtinken jûn oan opfettings oer (mear) *natuerlike* wegen om in oare (twadde, frjemde) taal oan te learen. Underdielen dêrfan wurde ek wol troch in inkelde lesjouster by Afûk-kursussen brûkt. It is goed (motivearjend en aktivearjend) om dy as lesjouwer (aanst) sels ek (ris) te brûken.

Opdracht (± 20 min.):

Foarmje groepkes (fan 3 of 4 kursisten). Wikselje ûnderfinings út oer de eigen staaizepraktyk. Wat giet goed en wat minder goed? Besykje om ideeën/oplossings te betinken foar de minder sterke punten. Hokfoar mear algemiene swierrichheden freegje om (mear) omtinken op de didaktykles? Presintearje problemen en oplossings dy't foar elts fan belang wêze kinne, plenêr.

2. De datum fan les 10 (de lêste gearkomste) wurdt fêststeld.

3. *Lesgeven*, hdst. 10, 'Evaluatie'. De fragen en opdrachten by s. 332-385 (te finen yn les 8) wurde behannele troch ien of twa kursisten en mei-inoar neibesprutsen. Dat is it lêste ûnderwerp dat wy út *Lesgeven* bestudearje.

4. De opdrachten (húswurk) foar de 9^{de} les komme oan bar:

Fan *Bydragen ta de didaktyk* [...] wurdt hdst. 5 oer 'Kontrastive analyse en Frysk taalûnderwiis' ynlaat troch twa kursisten (s. 43-54, benammen oer de *fonology* en s. 43-54, oer de *morfology*). De fragen út *Lesjaan* (s. 150 en 153) kinne dêr in reade tried by foarmje.

5. Les 8 fan de *Kursus Frysk skriuwen*, taalregels, taaleigen en ynterferinsjes (foarnamwurden, telwurden, ferhâldingswurden), ensfh. wurdt op yngongen as dêr oanlieding ta is.

6. De troch de kursisten makke *skôgings* kinne taljochte wurde. Tink om it (geve) taalgebrûk en de (krekte) stavering! Lit se eventueel troch in oare kursist lêze en besjen op taal en teken. It materiaal moat winliken sûnder steurende flaters yn it dossier.

7. Saken dy't oant no ta faaks wat *ûnderbeljochte* binne, komme no (wer) op it aljemint. Dat kin ek jilde foar it omtinken jaan oan it programma foar in earste les NF-I of -II of Leargong A. Oer dat lêste jouwe wy noch wat ynformaasje.

Wat de *earste les* oanbelanget, kin/moat tocht wurde oan en om de folgjende punten:

- wês sels goed op 'e tiid en haw in fleurich sin;
- lis de learmiddels op 'e tafel del;
- stel josels as lesjouwer foar;
- lis it doel fan de oanbelangjende kursus út;
- lit de kursisten harsels foarstelle en wat fertelle oer harsels (saaklik) en har ferwachtings (fan de kursus);
- as it needsaaklik is, lis dan jitrisk út wat de kursisten fan de kursus al of net ferwachtsje kinne oangeande de lesdoelen (om misbegryp foar te kommen; dat is benammen wichtich foar in yntinsive kursus);
- nim yn it koart noch efkes yn grutte halen it lesmateriaal troch en ljochtsje dat ta (wat brûke wy wêrby en hoe brûke wy it?);
- fertel wat oer it Frysk en de Afûk;
- doch húshâldlike meidielings: bgl. hoe't it giet mei de kofje en de tee, it beteljen fan de learmiddels (lit de machtigingsformulieren ynfolje en nim se wer yn), it apart ôfrekkenjen fan kopyen dy't as oanfoljend lesmateriaal brûkt wurde (dat kin foar eltse kopy apart, mar jo kinne bgl. ek in pear euro yn it foar freegje en dat letter oansuverje litte), fakânsjes, húswurk, ensfh.;
- lit de begjinsituaaasjeformulieren (fan de Afûk en/of dy fan josels) ynfolje;
- begjin mei de les.

Fierders is it faaks in goed ding en ynspektearje yn 't foar de *lokaliteit* dêr't de lessen jûn wurde sille: is der in boerd, is der (tefolle) leven yn oanswettende lokalen (en as dat net yn oarder is, nim dan kontakt op mei de behearder, eventueel yn oerlis met de Afûk); kin der kopiearre wurde; is der in mooglikheid om in kassetterekorder, fideo-apparaat, diaprojektor, spegelskriuwer ('overhead'-projektor), digitaal-skoalboerd, kompjûter ensfh. te brûken; is der in alarm, in needútgong; kin men de auto goed kwyt (parkearje), ensfh.

Nim rêstich de tiid om mei-elkoar yn 'e kunde te kommen. Dat hoecht net as it in groep is dêr't de lju elkoar al kenne. By leargong A wurdt wol de opdracht jûn om op in briefke fiif fragen te stellen om safolle mooglik fan in buorfrou/-man te witten te kommen. Dat is foar de kursisten fuort al spannend.

De learmiddels steane klear by de Afûk; sjoch thús efkes nei oft alles strykt mei de list.

Benammen by de yntinsive kursus docht him it probleem foar dat der somtiden guon by binne dy't it Frysk allinnich ferstean wolle en it praten net sa wichtich achtsje. Wês dan net benaud om (yn oerlis) sokke kursisten troch te ferwizen nei in kursus NF-I.

Earste lesjûn

Fan in lesjouwer krigen wy in *opset* foar de earste kursusjûn NF-I:

a. *Welkom/Wolkom* (sa is de titel fan it boek ek). Josels as lesjouwer foarstelle.

In *ferhaaltsje* yn it Frysk fertelle (net te fluch, dúdlik útsprekke):

'Wolkom op dizze kursus. Moai dat jimme der allegearre binne. Dit is in kursus om yn ien winterskoft it Frysk ferstean en lêzen te learen. En dat lêzen is ek gauris lûdop lêzen. De fraach fan myn kant is dan fansels: Wat stiet der no? Wêr giet it om? Begripe jo wat jo lêze? Of ik lês lûdop: Begripe jo dat?'

Fansels sil ik yn de earste pear lessen it Hollânsk ek (wol) brûke, mar al ridlik gau is it hast allinnich Frysk. Fersteane jo dat net, jou dan efkes in teken, dan sis ik it nochriss yn it Hollânsk. Jo sille sjen dat it Frysk ferstean hiel gau went. En as it goed is, dan kinne jo oan 'e ein fan 'e kursus Frysk ferstean en lêze!'

Fraach: *Hebt u het verstaan? Hebt u het begrepen?* Meastal 'fersteane' se net alles, mar 'begripe' se it wol.

b. *Kursisten*: dy stelle harsels oan inoar foar; fertelle wat oer harsels en sizze ek wêrom't se dizze kursus folge wolle en wat se derfan ferwachtsje.

c. *Learmiddels*: ompartsje, besjen, yn grutte halen besprekke (yndieling, leardoelen, ensfh.). *Wolkom* jout omtinken oan 'verskillende vaardigheden: luisteren, hardop lezen, uitspraak, uitbreiden van de woordenschat (woordenlijst), taalregels, vertaling'. *Kassettebantsjes* binne foar it 'luisteren (tekst)' en de 'uitspraak'; wurdboekje NF/FN (almeast it *Prisma woordenboek Fries*, 2007 of letter); *Tiidwurden* ('werkwoorden'), benammen as 'naslagwerk'; de brosjure *Taal fan it hert* (is der ek yn oare talen) jout eftergrûnynformaasje.

d. *Begjinsituasje*: it briefke/formulier fan de Afûk en/of josels besprekke en ynfolje.

e. *Machtigingsformulier*: ynfolje en tekenje litte en weromfreegje.

f. *Húshâldlike meidielings*: yndieling fan de middei of jûn, kofje/tee, fakânsjes, húswurk, ensfh.

g. *Skoft*.

h. *Mei les 1 begjinne. Húswurk opjaan*. Oant oare wike!

Hâldt by it lesjaan altiten de punten yn de efterholle dy't jo ta in goede lesjouwer meitsje sille. Neffens in ûndersyk fan de Universiteit fan Tilboarch (Tilburg) (*Trouw*, 15-01-2008) oer de fraach 'Wat maakt een leraar een goede leraar?' sizze hafû-learlingen dêr it neikommende fan:

1. kin oarder hâlde
2. is konsekwint en strang as it moat
3. hat gefoel foar humor
4. leit dúdlik út
5. is entûsjast oer syn fak
6. is belutsen by syn learlingen
7. besteget omtinken oan it beânderjen fan fragen fan learlingen
8. hat respekt foar de learling

Soe dat ek net opgean foar Afûk-kursisten?

Opdrachten (û.o. húswurk) foar les 10

1. *Fan Bydragen ta de didaktyk [...]*, hdst. 5 oer 'Kontrastive analyse en Frysk taalûnderwiis' wurdt it lêste part fan it haadstik globaal trochnommen. Ien of twa kursisten riede dat ta foar de lêste les. Ien liedt bygelyks par. 5.3 oer *syntaksis* (s. 54-58) yn en de oare par. 5.4. oer *leksikology* en par. 5.5. oer *taalnoarm* (s. 58-64).

By par. 5.3 oer de *syntaksis* soene de neikommende fragen in paadwizer foarmje kinne:

- Hokfoar (soarten) tiidwurden kinne ûnderskaat wurde? Jou foarbylden!
- Wat is it ferskil tusken de Fryske en Hollânske tiidwurdfolchoarder yn 'e haadsin?
- Wat is datselde ferskil (sjoch fraach b) yn de bysin?
- Hoe wurde helptiidwurden fan tiid (temporeel) en fan de ûndergeande foarm (passivysk) yn in haad- en/of bysin ferbûn (tink ek om it ôfslutend mulwurd, s. 55, 57)? Hoe sit dat yn it Hollânsk?
- Hoe wurde modale en aspektuële helptiidwurden ferbûn? Hoe sit dat yn it Hollânsk?

Bestudearje yn dit ramt ek nochris *Tiidwurden*, hdst. 4 (s. 24-30) en brûk dy by de ynliding.

Wol men de tiidwurdsfolchoarder (didaktysk) goed oerbringe kinne op de kursisten, dan moat men sels syntaktysk it paad witte. Mar men moat ek neitinke oer de wize fan oanbieden, bygelyks oer in groepswurkfoarm, wêrby't de kursisten stapke foar stapke sels de eigenaardichheden fan de Fryske folchoarder leare te ûntdekken. By kursisten mei in Hollânske eftergrûn sil de Hollânske folchoarder it útgangspunt wêze, om dêrút wei dy fan it Frysk gewaar te wurden. By Frysktaligen kin men mear oanslute by de kennis fan de (goede) Fryske syntaksis.

Foar par. 5.4 (leksikology) kinne de fragen út *Lesjaan* helpe (opdracht 10.6, s. 171-172) en foar par. 5.5 (taalnoarm) de fragen op s. 174 (opdracht 10.8). Wat betsjut dy kennis foar jo eigen lesjaan?

2. Meitsje wer twa (of mear) skôgings (sels of yn 'e mande mei oaren). Tink om it *audiofisuele helpmiddel* (eduFrysk?) en de geakunde (of histoaryske publikaasje) fan in (leafst 'de eigen') krite. Stjoer dy op 'e tiid op, dat se noch weromjûn wurde kinne op de lêste les. Foar it weromstjoeren moat in slûf ynsletten wurde mei it eigen adres en genôch porto. It kin fansels ek oer de e-post ôfhannele wurde. It totaal moat 7 wêze (ynkl. in 'geakunde').

3. Tink (jitrís) nei oer saken dy't op de lêste les noch oan de oarder komme moatte (soene).

4. Lês de list mei eksamenôfspraken ris troch (benammen de parten oer NF-I en -II en Leargong A). Jitrís, de list is allinnich foar stúdzjedoelen en net foar ekstern gebrûk. Hy wurdt geregeld bywurke en is dus gau datearre!

Yn de paragraaf oer it didaktysk foech is sûnt 1997 opnommen dat der in sifer foar de staaazje komt, dat jûn wurdt troch de staaazjebegelieder (telt foar 40% yn it einsifer) en in sifer foar it praktykeksamen (einles) (telt foar 60%). Foarbyld fan de berekening: as de kandidaat in 6 foar it eksamen helle en in 5 foar de staaazje, wurdt it einsifer $5,6 (6 \times 60 + 5 \times 40 : 100)$; as de kandidaat krektsoarsom in 5 foar it eksamen helle en in 6 foar de staaazje, dan wurdt it einsifer $5,4 (5 \times 60 + 6 \times 40 : 100)$.

5. Tink derom dat *twa* mapkes mei matriksen, skôgings, ynliedings, ensfh., dy't in rol spylje op it teory-eksamen (eksamendossier), uterlik sa'n trije wike foar de datum fan it teory-eksamen op de Afûk ynlevere wurde by de skriuwer fan de eksamenkommisje (Siegbert de Jong). Dy soarget derfoar dat de mapkes (dossiers) by de beide eksaminators foar de teory komme. Hâld sels in mapke en bewarje ek ien foar de lesjouwer fan it didaktysk foech. Mei-inoar moatte dus fjouwer mapkes (dossiers) makke wurde. Leverje mapkes fan eardere kursisten, dy't besjoen of bestudearre binne, wer by de lesjouwer yn. Fansels kinne jo ek in mapke jaan oan in oare kursist foar it didaktysk foech as jo dêrmei oparbeide hawwe.

Soargje foar yn *goede yndieling* mei:

- in dúdlik foarblêd, mei 'Didaktykkursus Afûk', kursusjier, namme, adres, datum ynleverjen;
- in oersjoch fan de learboeken en oar ûnderwiislearmateriaal foar de didaktykkursus, artikels oer didaktyk, taalsoarch, taalnoarm en de skiednis fan de Afûk, les- en lêsböeken en wichtich eftergrûnmateriaal foar de leargongen foar NF en A; de data, eksaminators en (ein-)sifers fan de (beide) staaazjes;
- de skôgings fan les- en lêsböeken fan leargongen (min. 7);
- matriksen mei (ynfolle) evaluaasjeformulieren fan de staaazjebegelieder en de selsevaluaasje(s), bylagen (min. 5, ynkl. dy fan de praktykeksamens);

- oar wurk, lykas ynliedings, úttreksels, eigenmakke, mei of troch in oare kursist makke, dêr't op it teory-eksamen oer praat wurde kin/mei, ensfh.

Soargje derfoar dat dêr gjin (amper) taal- en staveringsflaters mear yn sitte (geef Standertfrysk). Lit it wurk fan tefoaren efkes neisjen troch oare kursisten of de lesjouwer foar it didaktysk foech.

6. Begjin sa njonkelytsen de learstof fannijs troch te nimmen. Meitsje dêrfoar in skema, dat ôfwurke wurdt. Werhelje foar de kommende kears trije haadstikken út *Lesgeven* en it eardere opjûne part út it Afûk-learplan.

7. Meitsje ôfspraken mei ien (of mear) oare kursist(en) om de learstof meikoarten en/of nei de lêste teoryles ûnderling nochris goed troch te nimmen. Oefenje yn it stellen fan en antwurdzjen op fragen. Bepraat lestige ûnderdielen mei-inoar.

De lesjouwer foar de teory of de staažebegelieders kinne út soarte ek altiten tillefoanysk rieplachte wurde op it stik fan fragen of swierrichheden.

8. Omdat it haadstik oer de 'evaluaasje' út *Lesgeven* nochal dreech is, jouwe wy noch in gearfetting fan de wichtichste ynhâlden en begripen.

Evaluearjen

De kursist fan it didaktysk foech moat de begripen *proses-* en *produktevaluaasje* goed ferdútse en leafst mei foarbylden fan de Fryske les yllustrearje kinne (de eigen praktykopleiding foar it didaktysk foech hat dêr sels aparte formulieren foar). It Afûk-eksamen is in (lêste) produkt-evaluaasje. It moat dus bekend wêze wat en hoe't der op 'e mûnlinge en skriftlike Afûk-eksamens hifke wurdt. Sjoch jitrin it ynformaasjeboekje foar lesjouwers yn, benammen nei wat it eksamenreglemint seit oer de easken foar de Fryslân-diploma's foar net-Frysktaligen en A-kursisten.

Punten fan omtinken foar de *prose*evaluaasje binne ek te finen yn *Lesgeven*. Brûk dy punten ris foar it hifkjen fan it eigen lesgedrach. De rie yn in eardere útjefte fan dat boek om in eigen les op in kassetterekorder (of hjoed de dei) mei in fideokamera op te nimmen en dy letter te analysearjen (eventueel mei de staažebegelieder) is in goede tip!

Faliditeit

It begryp **faliditeit** is tige wichtich. In toets of eksamen is falide as er *mjit wat er seit* (*pretindearret*) te *mjitten*. Afûk-eksamens moatte dus falide (= jildich) wêze. Sa moatte begripen as *harkjen*, *lêzen*, *tekstbegryp*, *taaleigen*, *praten*, *interferinsjes*, *staving*, *tiidwurden*, *oersetten*, *skriuwen*, *skiednis*, (*Fryske*) *literatuer*, *twataligens* (*taalkundige aspekten*, *taalskiednis*, *ûntjouwing fan de taal yn it offisjele ferkear*), *spraakkeunst* ensfh. gean oer de winsklike, Fryske aspekten fan sokke begripen. It 'begryp lykas (dat) bedoeld (is)' moat hifke wurde en net oare saken (bygelyks de *yntelliginsje* fan in kandidaat, want dat is ommers in oar begryp).

In tekstferklearring mei dus winliken gjin yntelliginsjefragen befetsje (ek al is foar it begripen fan in fraach of in tekst fansels wol in minimum oan yntelliginsje nedich).

As it om *passive* of *reseptive* kennis giet, bygelyks it *ferstean* yn in harktekst, dan mei der winliken gjin 'aktyf brûken' (praten) frege wurde. As it om *tekstbegryp* giet (begripend lêzen), dan mei der eins gjin idioom frege wurde dat neat mei (dat begripen fan) de tekst te krijen hat. In eksamen dat de goede taal- of kultueraspekten 'mjit' of 'hifket' is begrypsfalide: it moat dekkend wêze foar it 'begryp' dat sintraal stiet. Dy goede aspekten binne, as it goed is, te finen yn de (brûkte) learmiddels en it eksamenreglemint.

Lesjouwers, eksaminators en eksamenkommisje meie by it hifkjen de *begrypsfaliditeit* gjin geweld oandwaan.

Boppedat moat in toets of eksamen de *ynhâld* fan boppeneamde aspekten sa folslein mooglik hifkje. De toets of it eksamen moat in *representative stekproef*, in goede ôfpegeling wêze fan de foarskreaune, oaneigene learstof. It moat de ('alle') haadsaken fan de stof dekke en net in (apart) ûnderdiel oplaze (tefolle klam jaan), (oare) ûnderdielen ferwaarleazgje of dingen freegje dy't net ta de ynhâld (fan it lesboek of programma) hearre. It moat *genôch* fragen en opdrachten befetsje om de totaliteit fan de (ferplichte) learstof rjocht te dwaan. De toets of it eksamen moat *ynhâldsfalide* wêze. De *ynhâldsfaliditeit* mei (ek) gjin geweld oandien wurde troch lesjouwers, eksaminators en eksamenkommisje(s).

De kursist foar it didaktysk foech moat de begripen *begryps-* en *ynhâlds*faliditeit útinoar hâlde kinne en it belang dêrfan foar it hifkjen moat him dúdlik wêze.

Betrouberens

In proefwurk, toets of eksamen (evaluaasjemiddel) moat ek **betrouber** wêze. In toetsútslach is betrouber as dy in krekte skatting jout fan wat in ûndersochte kursist wier wit en kin. It toetsmiddel of toetsynstrumint moat op in presize, sekuere, krekte wize ‘mjitte’. Der meie gjin of amper mjitflaters makke wurde. In werhelle toetsing moat frijwol itselde resultaat opleverje. In toets mei sletten fragen moat op syn minst 25 à 30 fragen befetsje, wol er betrouber wêze kinne (ferl. ek *Lesgeven*, s. 341: stribje nei 50 fragen as er selektyf brûkt wurdt). De toets moat ommers net allinnich it ‘begryp’ (dat toetst wurde moat) en de ‘ynhâld’ (fan wat toetst wurde moat, benammen de haadsaken) goed dekke, mar de kursist ek genôch gelegenheid jaan om sjen te litten dat er genôch/foldwaande wit of kin. Dat kin net mei in lyts tal fragen. In te lyts tal fragen kin it byld fan behearsking maklik ferteknje.

Twa *ferskillende* eksaminators meie ûnderling nea tefolle ferskilte yn beoardieling (der moat genôch *yntersubjektive oerienstimming* wêze; der wurdt ferlike mei in oar) en *inselde* eksaminator mei itselde wurk in twadde kear net (hiel) oars beoardielje as de earste kears (der moat *yntrasubjektive oerienstimming* wêze; hy moat *stabyl* wêze yn syn beoardieling; der wurdt ferlike mei jinsels).

Jitris: by in nije toetsing/mjitting moat der eins itselde útkomme. Dat kin fansels allinnich as de omstannichheden ferlykber binne. As der tefolle ‘rûs’ is, kin dat in earste of in twadde mjitting ûnbetrouber meitsje. De rûsfaktors (boarnen fan mjitflaters en korrelaasjeswierrichheden) moatte de kursist fierhinne bekend wêze. Wêrom wurdt ‘betrouberens’ ek wol ‘reprodusearberens’ neamd (ferl. ek. *Lesgeven*, s. 326)?

Objektiviteit

De toetsproseduere moat ek sa **objektyf** mooglik wêze. Dat wol sizze dat de útslaggen mei in ynstrumint sammele wurde moatte dat sa objektyf mooglik is. It *skoaren* fan in proefwurk, toets of eksamen moat leafst objektyf (‘earlik’) barre kinne. By it stellen fan *sletten* fragen kin de objektiviteit it grutst wêze, want dan makket it yn prinsipe neat út wa’t se neisjocht. De *skoaringskaai* moat ûndûbelsinnich wêze en krekt oanjaan wat goed en ferkeard rekkene wurde moat. Learaars en eksaminators meie yn prinsipe op grûn fan itselde ûndersyk winliken nea ta (noch) ferskillende útslaggen komme.

Subjektiviteit moat dus altiten safolle mooglik útsletten wurde. Benammen by it *mûnlinge* toetsen kin dat swierrichheden jaan. De iene beoardieler mei ommers net tefolle ferskilte fan in oaren-ien (as der twa of mear beoardielers binne) en inselde beoardieler mei de twadde kear net in (hie) oare beoardieling jaan as in earste kear! De kwaliteit fan in mûnlinge toets kin ferbettere wurde as der rekken holden wurdt mei faliditeits- en objektiviteitsfaktors.

In *net-betroubere* en *net-objektive* toetsing kin **nea** falide wêze: der binne tefolle rûsfaktors yn it spul dy’t der foar soargje dat it oanbelangjende ‘begryp’ en de ‘ynhâlden’ fan dat begryp ferkeard skoard of metten wurde. ‘Ferkearde’ (= net-falide) begryps- en ynhâldsaspekten kinne op harsels wol betrouber (= ‘krekt’) en objektyf (= ‘earlik’), skoard of metten wurde. Men hifket dan op in betroubere wize ‘net-bedoelde’ dingen (= ynhâlden of aspekten dy’t net ta de saak dogge). Is dat helder (ferl. ek *Lesgeven*, s. 332)? Betrouberens is in *needsaaklik* betingst foar faliditeit. In toets kin *betrouber* wêze en tagelyk *net falide*.

Formative en summative evaluaasje

Formative evaluaasje is in koarte-termynevaluaasje. De lesjouwer wol toetse of hifkje oft in beskaat *ûnderdiel* fan in(kelde) les(sen) of in(kelde) haadstik(ken) wol of net behearske wurdt. Dan kin der noch yngrypt wurde mei bygelyks werhellingsstof of ferhelpûnderwiis (by net behearskjen) of ferrikkingsstof of ekstra stof (by wol behearskjen).

Summative evaluaasje is in lange-termynevaluaasje. Dat bart mei toetsen of eksamens dy’t neigeane oft in beskaat programma of in beskate feardichheid as *gehiel* behearske wurdt. *Formative* toetsing bart ‘ûnderweis’, ‘ûnderwilens’, ‘ûnder it riden (lesjaan)’ en kin (noch) liede ta bystelling fan it didaktysk hanneljen troch de lesjouwer. *Summative* toetsing bart nei ‘ôfrin fan de rit (kursus)’, gauris yn in situaasje fan slagjen en sakjen. It is in eintoetsing (lykas by de Afûk-eksamens, dêr’t spesjaal foar ynskreaun wurde moat).

It sil no grif dúdlik wêze wêrom’t in mûnlinge toetsing almeast minder *objektyf*, *betrouber*, *falide* en *effisjint* is as in skriftlike. Wêrom’t dat sa is, moat dúdlik makke wurde kinne troch de kursist. It soe ek gefolgen hawwe

moatte foar de wize fan eksaminearjen by de Afûk. Der moat troch de didaktykkursist oanjûn wurde kinne hoe't de kwaliteit fan in mûnling eksamen ferbettere wurde kin, as in skriftlike toets(ing) net of noch net mooglik is.

It ferskil tusken *absolút* en *relatyf* normearjen/wurdearjen/mjitten moat dúdlik makke wurde kinne. By de Afûk leit de grins tusken foldwaande en ûnfoldwaande ornaris by $\geq 65\%$ (goede antwurden), ôfhinklik fan it ûnderwerp.

Yn 1996 wie it sa:

a. Net-Frysktaligen:

NF-I-dieleksamen oan 'e ein fan it earste jier:

skriftlik:

- harktoets (30 min.): 75% (goed) is in 5,5;

- lêstekst/wurdskattoets (45 min.): 70 à 80% (goed) is in 5,5 (foar de wurdskattoets allinnich is dat 80%);

NF-II-dieleksamen oan 'e ein fan it 2^{de} jier:

- oersetting/wurdskattoets (45 min.); de noarm foar de wurdskattoets: 80% (goed) is in 5,5. De sifers foar oersetting en wurdskattoets wurde middele.

b. Frysktaligen:

A-eksamen (is allinnich *skriftlik*)

- tiidwurden (30 min.): 70% (goed) is in 5,5;

- staveringsopdracht (30 min.). Underdiel A (diktee) ien à twa flater(s) de punt; ûnderdiel B: 75% (goed) is in 5,5; ûnderdiel C ien à twa flater(s) de punt;

- tekstbegryp/taaleigen/ynterferinsjes/oersetopdrachten (60 min.): 65% (goed) is in 5,5.

Op in ferlykbere wize binne der ek grinzen fêststeld foar de skriftlike parten fan it B- en C-eksamen en dat foar it *Frysk yn it offisjele ferkear* (FOF).

Der wurdt dus útgongen fan in absolút fêststellen fan de sesuer, d.w.s. fan tefoaren wurdt fêstlein wêr't de kursisten op syn minst oan foldwaan moatte om in foldwaande resultaat helje te kinnen. Fansels mei it persintaazje ûnfoldwaanden op in ûnderdiel ek net te heech wêze. *Lesgeven* jout 20% ûnfoldwaande as grins oan (s. 364). As dat heger wurde soe, dan soene de noarmen weromskroefd wurde moatte oant dy grins berikt is.

By de Afûk is it sa: by it A-eksamen wurdt by mear as 25% ûnfoldwaanden op elts ûnderdiel de noarm ferlege op of ûnder dat persintaazje. By it B- en C- eksamen wurdt dat dien by 30%. Sok hanneljen kin it 'absolút' mjitten *efterôf relativearje*! Troch dy wurkwize sille der nea tefolle minsken 'sakje' of 'in ûnfoldwaande ophelje/ferbetterje moatte' by it wereksamen.

9. Oan de ein fan dizze les jouwe wy noch in stikje ynformaasje oer in *ûnderwiislearmodel* dat benammen fan belang is foar net-Frysktalige Afûk-kursisten dy't noch net folle fan it Frysk ôfwitte: de *natuerlike oanpak* of *it model fan Krashen*.

De natuerlike oanpak

De saneamde natuerlike wei/oanpak ('Natural Approach') by it jin oaneigenjen fan in taal stiet ek wol bekend as it 'Krashen model' (sjoch jitris it Afûk-learplan, s. 8-11!), neamd nei ien fan de earste en meast bekende fernijers, Stephen Krashen (heechlearaar yn de taalkunde oan de University of Southern California, USA). Yn in rige boeken, dêr't er mei út ein sette yn it begjin fan de tachtiger jierren fan de foarige ieu, beskreau er in oanpak fan taallearen dy't nochal radikaal liek, mar feitliken weromgriep op tradisjonele wurkwizen dy't fergetten wiene (ferl. Stephen D. Krashen and Trasy D. Terrell, *The Natural Approach: Language Acquisition in the Classroom*. Prentice Hall International: Herts [UK], 1988 en de oanpak fan 'Teaching Proficiency through Reading and Storytelling' [TPR Storytelling]).

Krashen murk dat alle saneamde 'moderne' metoaden fan taallearen it der betreklik min ôfbrochten ferlike mei de wize wêrop't minsken har memmetaal learden. Hy woe dy *memmetaallearprossen* dan ek safolle mooglik neidwaan op it stik fan *harkjen*, *begripen* en *praten*.

Yn de natuerlike oanpak binne *learen* ('learning') en *taalwinning* ('acquisition') twa ferskillende saken. *Learen* bart neffens Krashen yn it formele taalûnderwiis: der wurde *regels* útlein, yn it ûnthâld opslein en dan hieltiten mar wer ynoefene. Him tocht dat út ûnderfinings en ûndersyk te heljen wie dat in bewuste kennis fan taalregels nèt needsaaklik is foar it korrekte en flotte praten. Lju mei in wiidweidige kennis fan grammatikale

regels (en dêrmei it fermogen om te slagjen foar taaleksamens), hawwe fakentiids dochs noch in earm taalgebrûk. Se kinne winliken noch net goed spontaan kommunisearje. Wat der mist, tinkt Krashen, dat is de oaneigening (ynernalisearring) fan taal sa't dat by it (mear natuerlike, spontane) oanwinnen fan taal it gefal is. Taallearen moat dus goed ûnderskaat wurde fan taal(*oan*)winnen. In didaktykkursist moat it ferskil útlizze kinne.

Krashen en syn kollega-ûndersikers geane der feitlik fan út dat it 'learen' en 'oanwinnen' fan taal twa hiel ferskillende prosessen binne, dy't ta stân komme yn ferskillende struktueren fan it minsklik brein. De foarstanders fan de natuerlike oanpak sjogge foar (âldere) learders fan twadde talen nei taaloanlear**betingsten** dy't lykje op wat him ôfspilet by memmetaallearders.

Prinsipen

1. It earste prinsipe is dat **begripen** foar **praten** komt. Der moat earst *harke* en *ferstien* wurde, ear't der mei *praten* en *skriuwen* begûn wurde kin. Taalwinning betsjut dat de learder earst boadskippen *begripe* kinne moat wêryn't nije wurden brûkt wurde yn in taal dy't al (earder) oanwûn is. It ûnbewust 'trochsjen' fan wat eat 'betsjut' binnen fertroud taalgebrûk, sjogge Krashen en syn kollega's as de kaai ta taalwinning. Om dat te berikken:

- brûkt de lesjouwer altiten de doeltaal;
- moat der foar it boadskip yn de doeltaal altiten echte belangstelling wêze; wêr't it yn in boadskip/berjocht werklik (yn de kearn) om giet, dat moat yn it sintrum fan *echte* kommunikaasje stean;
- sil de lesjouwer mei *alle* middels besykje om de kursist ta begryp te bringen.

2. It twadde prinsipe is dat *taalproduksje* yn **stadia** ta stân komt. Earst moat der in *stille perioade* ('a silent period') wêze. Kursisten meie nea twongen wurde om te praten. In flot begryp wurdt sjoen as in betingst om ta flot praten komme te kinnen.

Stappen op it paad nei it praten ta binne:

- non-ferbale reaksjes lykas *wizen* en *knikken*;
- **ien-wurd**-antwurden: ja, nee, goed, do, ik, hûs, ensfh.;
- kombinaasjes fan *twa*, *trije wurden*: papier op 'e tafel, boek op 'e stoel, ensfh.;
- útdrukkings as: ik wol bliuwe!, wêr giesto hinne?;
- sinnen;
- (en as lêste) frije konversaasje.

Flaters dy't yn it praten makke wurde, hearre neffens Krashen ienfâldichwei by it proses fan it jin oaneigenjen fan in 'dialekt', lykas dat it gefal is by bern. Dy moatte neffens him net op in gewoane wize ferbettere wurde. It sûnder flaters prate kinnen, ûntstiet fansels út de ferwurven kompetinsje (fermogen/feardichheid/kunde) om boadskippen te ferstean en wurdt net befoardere troch yntellektuele kennis fan grammatika. Folwoeksen 'native speakers' binne har, neffens Krashen, fakentiids ek net bewust fan de regels dy't it grutste part fan harren praat stjoere.

Opmerking:

Men moat foar de Fryske situaasje, mei kursisten dy't in protte ynterferearre Frysk om har hinne hearre (mei in ynfier fan min-Frysk of hollânsismen), betinke dat it 'geef' Frysk leare te praten net sûnder (genôch) foarbylden fan geve praters (en skriuwers) kin en ek net sûnder dat men de kursisten (bewust) yndachtich makket op it 'ferkearde' en 'geve' Frysk. It praten fan Frysk sûnder flaters (ynterferinsjes) komt net as fansels troch de 'natuerlike' wei goed, mar sil op in stuit bewust stjoerd wurde moatte (bgl. op de Fryske les), ek troch it jaan fan taalregels (ferlykje fandat de opfettings fan Krashen mei de mear kognitive oanpak fan it jaan fan konkrete foarbylden en taalregels fan Gal'perin e.o.; *Afûk-learplan*, s. 11-12).

3. It tredde prinsipe fan de natuerlike wei is dat de leargong folslein bestiet út **kommunikative doelen**. De aktiviteiten yn de klasse wurde stjoerd troch it *ûnderwerp* en net troch de grammatikale struktuer. In mooglik lesdoel soe wêze kinne om praten te learen oer hobbies. Grammatikale saken komme dêr net iepentlik by op it rabat.

4. It lêste prinsipe is dat alle klasse-aktiviteiten rjochte wurde op it **ferminderjen fan spanning** ('stress') en fan noeden en soargen by de kursist. Leare kin men it bêst yn in noflikke situaasje. Spanning en eangst steurt de taalwinning. It liedt yn it brein ta it ôfsluten fan it ûnhâld en ta in hâlding fan selsbeskerming en ynstinktive reaksjes.

De *natuerlike* wei is nijsgjirrich omdat er guodkeap is en oeral, mei in minimum oan fasiliteiten, hantearre wurde kin, al moat de lesjouwer fansels wol goed treend wurde. Der lizze ferbannen mei de wurkwize fan de *Total Physical Response* (sjoch fierderop).

Ien fan de Afûk-learboeken *Bekjegau* (fan B. Oldenhof en J. van der Veen; 1990) is basearre op it min ofte mear *holistyske* model fan Krashen. *Bekjegau* wurdt (waard) spesjaal brûkt by yntinsive en steamkursussen.

Yn de njoggentiger jierren is it model benammen yn Amearika kritisearre. Under oaren troch Barry McLaughlin, heechlearaar yn de psychology yn Santa Cruz (Californië). Syn grutste beswier is dat yn it model fan Krashen in heldere omskriuwing (definysje) fan 'natural approach' mist. It model kin dan net toetst wurde en dat is winliken in wittenskiplike deasûnde. Boppedat wurdt der gjin empirysk bewiis levere om de foarûnderstellings, bgl. oer it begryp 'monitor' (sjoch it Afûk-learplan, s. 9-10), te stypjen. MacLaughlin komt ta de konklúzje dat Krashen syn ideeën it bêste sjoen wurde kinne as ûnderwiissuggestjes yn stee fan as in 'folslein' ûnderwiislearmodel. Krashen is nea yn detail yngongen op dy krityk.

De *konklúzje* foar bygelyks Afûk-kusussen is, dat it in goed begjinpunt is om in taal te learen, want it befoarderet de kommunikaasje. Yn Fryslân is it model gaadlik foar dejingen dy't de taal fluch leare wolle (yn yntinsive of steamkursussen). Dan docht bliken dat it model doelmjittich (effisjint) is foar de taal*winning*. Oare kursussen (bgl. leargong A en heger) binne mear rjochte op taal*lear*aktiviteiten. Dat nimt net wei dat de natuerlike oanpak dochs in part wêze kin fan de ûnderwiismetoade. As it Frysk skriuwen leard wurdt, dan hoecht men net te wachtsjen oant de staveringsregels *allegearre kend wurde*. *De bêste wize om fluch en doelmjittich skriuwen te learen is om dêr sa gau mooglik mei te begjinnen*.